provinsje fryslân
provincie fryslân

postbus 20120
8900 hm leeuwarden
tweebaksmarkt 52
telefoon: (058) 292 59 25
telefax: (058) 292 51 25

www.fryslan.nl
provincie@fryslan.nl
www.twitter.com/provfryslan

provinsje fryslân

Feriening Frysk Underwiis
T.a.f. drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Ljouwert, 28 jannewaris 2013
Ferstjoerd, 01 FEB 2013

Ús merkteken : 01042238
Ôfdieling : Kultuer en Mienskip
Opsteld troch : dhr. H. Akerboom / (058) 292 81 36 of akerboom@fryslan.nl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Antwurd op jo reaksje op de yntegrale nota Grinzen Oer

Achte hear Hiemstra,

Nei oanlieding fan jo brief fan 5 jannewaris 2013, by ús ynkommen op 8 jannewaris en ynboekt ûnder dokumintnûmer 01039372, doch ik jo it neikommende te witten.

Jo brief is in reaksje op de yntegrale beliedsnota kultuer, taal en ûnderwiis 'Grinzen Oer'. Jo stelle dat de nota allinnich yn syn earste foarriedige ferzje fan septimber 2012 ta jo kommen is. Dit kloppet, it jildt foar alle belutsen ynstellings. Wy hawwe de ynstellings, wêrûnder de FFU, útnoege om op 5 july 2012 oanwêzich te wêzen by de ynformaasjegearkomste oer de nije nota, wêr't de haadlinen fan de nije nota presintearre binne. De ynstellingen binne dêr ek by steat steld om neiere fragen te stellen. Wy kinne ús yntinke dat it foar jim net mooglik wie om op it troch jim winske detailnivo te reagearjen, mar it hat foar ús wol in wichtich ûnderdiel west fan it kenber meitsjen fan it beliedsfoarnimmen fan it kolleezje. De presintaasje oer de nota en de haadlinen hawwe wy doe op ús webstek set (www.fryslan.nl/notacto). Nei't Deputearre Steaten ein augustus de konseptferzje fan de nota fêststeld hienen, hawwe jo fan ús in stikmannich drukte eksimplaren krigen fan de foarriedige ferzje.

Dy ferzje is op 14 novimber behannele yn de gearkomste fan de steatekommisje Boarger en Mienskip. By dy gearkomste hat de mooglikheid west foar 'tredden' om yn te sprekken en winsken, opmerkings of oanfollings kenber te meitsjen by de steateleden en it kolleezje. De FFU hat hjir gjin gebrûk fan makke, wylst oare ferienings, ynstellings of belanghawwenden dit wol dien hawwe. Op grûn fan dy ynspraakreaksjes en de ynbring fan steateleden, is de nota Grinzen Oer doe op in stikmannich punten oanpast en begjin desimber op 'e nij oanbean foar besprek oan de griffy. Jo skriftlike ynbring dy't wy earst op 8 jannewaris ûntfongen hawwe, kaam foar it kolleezje fan Deputearre Steaten dan ek fierstente let.

provinsje fryslân
provincie fryslân

De nije yntegrale nota is op 23 jannewaris mei unanime stimmen en sûnder amindearring, oannaam troch Provinsjale Steaten. Ik kin net bepale yn hoefier de steateleden de ynhâld fan jo brief, meinommen hawwe yn harren beslútfoarming. Mei it oannimmen fan de nota is de beslútfoarming lykwols efter de rêch. Dêrom nimme wy jo brief foar kundskip oan.

Jo saak is yn behanneling by H. Akerboom telefoannûmer 058-292 81 36 by wa't jo neiere ynformaasje krije kinne.

Ik gean der fan út jo sa foldwaande ynformearre te hawwen.

Út namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten,

G. Kraak
Haad Ôfdieling Kultuer en Mienskip

provinsje fryslân

Ús merkteken: 01042238